

# De junkenkening oan it wurd

FD 11-8-'7

troch Jaap Krol

**D**esiderius Huizinga is in kwelgeast foar de Westerse maatskippij. Syn libbensdoel is net it jaan fan in bydrage oan de sosjale koheezje, syn doelen binne a. dizze ûnderút helje, b. jild fertsjinje. Dêrta hat er in snoad plan úttocht, op de dei dat er troch syn karatefreondin it hûs útskopt wurdt. Mei help fan it beskieden kapitaal dat er stellen hat fan in junk en fia in tûk spul fan list en bedroch, wurdt er direkteur fan in soarchynstelling foar minsken dy't help nedich hawwe, 'De Flechtheuvel'. Fansels kinne de junks Desiderius neat skele. Syn soarch is it kapitaal fan de ynstelling troch in kommersjeel gearwurkingsferbân mei de riken út de stêd sa grut mooglik

te meitsjen. Dy riken dogge mar wat graach mei om sa in mooglike ôfkickdependânse yn harren buert tsjin te hâlden.

In oplichter dus. 'En de earste regel fan in oplichter is dat it spul nooit ernst wêze mei. Foar en yn himsels. Want dan feroaret er yn in gewoan minske', skriuwt de flaptekst. Elkenien - syn pear freonen, syn saaklike relaasjes, syn kollega's, de parse - leaut Desiderius dan ek, om syn foarkommen, wurdkar en snoadens - oant er in lêzing jout oan de universiteit en de oarder fersteurd wurdt troch? - dat meie jo sels betinke.

Kening fan 'e junks is in lytse skelmeroman, skreaun troch dichter, oersetter en prozaïst Eric Hoekstra. Boef Desiderius spilet syn rôl mei farve. Net allinnich is er boef, hy is foaral in bûtenstean-

der, dy't net neilitte kin feninige fege út de panne te jaan nei dy Westerske maatskippij. Oer oplichters bygelyks: 'Neffens my binne der twa soarten oplichters. De iene soarte jout ta dat se oplichters binne: likegoed oft it no beursanalisten, burokraten of dieven binne. De oare soarte leaut lykwols dat se gjin oplichters binne, likegoed oft it no beursanalisten, burokraten of dieven binne' (side 54).

De skriuwer hat der goed oan dien syn haadpersoan as in bûtenspoarich min figuer del te setten. Dat jout in maksimaal effekt oan it ferhaal. It wurdt rap ferteld en it is, yn earste ynstânzje, hearlik ûnmooglik. Hoekstra's soms ronkjende styl úteret him yn konstruksjes as 'se seach derút as de heks fan it sjoernaal mei

har rampferhalen, hie hjitte se ek wer? Van Plaag of sa' (side 25) en sfearympresjes as 'it ôftrainde oansjen fan in sunige boekhâlder' (side 33).

Mei dy flaptekst yn gedachten fûn ik ek dat Hoekstra, nettsjinsteande dy ronkjende styl, de oarin nei dy beslissende lêzing eins subtyl fan djippere ynhâld foarsjocht, mei gewoan minsluk swit as wichtich markearingspunt.

Dochs ha ik ek wat oare saken te besprekken. Hoekstra moat it hege tempo fan syn ferhaal net ôfbrekke troch allegear oerstalige taljochtings te jaan. Is bygelyks Desiderius mei in kollega op stap, skriuwt de auteur: 'Gjinien fan beiden naam de organisaasjes en rituelen fan dizze maatskippij serieuus' (side 53). Jout Desiderius in lêzing, skriuwt er: 'It wie

in prachtich ferhaal, fol ideeën, persoanlike anekdoates en goed te folgjen. It wie sprektaal, gjin skriuwtaal' (s. 103). Ja, dat begryp ik ek wol!

It twadde is dat ik net begryp werom dit ferhaal him ôfspilet yn in mei namme en tanamme neamde stêd, dêr't elke dei net ien wurd Frysk te hearren is. It kin fansels wol, mar dat alle junks, riken, kollega's, sjoernalisten yn Grins kreas Frysk begjinne te keueljen, docht it ferhaal beslist net goed. De skelm, de bûtensteander, krijt sa in omjouwing, in gesicht - en yn dit gefal gewoan it ferkearde. Om myn part komt Desiderius Huizinga gewoan werom yn in anonym gat, om dêr opnij ta te slaan.

*Eric Hoekstra, Kening fan 'e junks, Bornmeer, 2007, 15 euro*